

FNP Ljouwert teloarsteld oer ticht bûtenbad

2 maaie 2025

Skriftlike fragen fan FNP Ljouwert oan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders sa as bedoeld yn artikel 42 fan it Reglemint fan Oarder fan de gemeenteried fan Ljouwert. Oangeande: it ticht wêzen fan it bûtenbad fan It Gryn yn Stiens yn de maaiefakânsje fanwegen ûnderhâld.

It is by de FNP-fraksje ûnder de oandacht kommen dat it bûtenbad fan swimbad It Gryn yn Stiens yn de maaiefakânsje fan 2025 net iepen is fanwegen ûnderhâldswurk. Dit is foar in soad ynwenners fan de gemeente, benammen famyljes mei bern, in teloarstelling. De maaiefakânsje is tradisjoneel in momint wêr't minsken graach bûtendoar ferkeare, foaral as it waar goed is. It ticht wêzen fan it bad yn sa'n perioade soarget net allinnich foar ûntefredenheid, mar ek foar in ferlies oan ynkomen. De fraach dringt him op oft dizze ûnderhâldsplanning net foarkommen wurde kinnen hie troch bettere tarieding en ôfstimming.

FNP Ljouwert stelt dêrom skriftlike fragen oan it kolleezje.

FRAGEN

1. Kin it kolleezje útlizze wêrom't dit ûnderhâld krekt yn dizze fakânsjeperioade plakfint en net earder yn it jier?
2. Kin it kolleezje útlizze wa't ferantwurdlik is foar dizze planning? En hoe is dizze beslissing ta stân kommen?
3. Dielt it kolleezje ús miening dat dizze kar in negative ynfloed hat op it fertrouwen fan ynwenners yn de gemeentlike planning en foarsjenningen?
4. Kin it kolleezje in ynskatting meitsje fan it ferlies oan ynkomen troch it net iepen wêzen fan it bûtenbad yn dizze fakânsjewike?
5. Hokker stappen sil it kolleezje nimme om yn 'e takomst better ôf te stimmen op perioaden mei hege fraach, lykas de maaiefakânsje?

Mei freonlike groetnis,

Bauke Beert Keizer
FNP Ljouwert

